

”JO BINNE IN FRIES EN BLIUWE IN FRIES....”

*In enkête oer de bân mei “Fryslân”
ûnder in tal ‘Friezen om utens’
fan de protestantske gemeente
Niekerk-Oldekerk-Faan
yn it Westerkwartier (Grinslân)*

Wybe Feenstra
(dûmny fan dizze tsjerklike mienskip)

1. It ûndersyk....: (persoanlike) eftergrûn, fraachstelling, doel en opset

Yn it kader fan de Permanente Edukaasje (PE) fan de Protestantske Tsjerke yn Nederlân haw ik yn ‘e hjerst fan 2015 en yn ‘e winter fan 2016 de kursus folge “*leauwe yn Fryslân*”. It gie om 4 *stúdzjedagen* dy’t holden waarden yn Jorwert. It gie ûnder oaren oer de fryske taal, it krewearjen it frysk in plak te jaan yn ‘e tsjerken yn Fryslân en fierders it sykjen nei in mooglike teology en spiritualiteit yn de fryske kontekst.

Nei dizze kursus koe men noch in twadde diel folgje. It doel derfan wie om in *praktykûndersyk* op te setten dat te krijen hat mei de ûnderskate temafjilden fan it earste diel fan de kursus. De dielnimmers oan diel 2 fan de kursus mochten in frije kar meitsje foar in eigen ûnderwerp. Ik haw keazen foar in *skriftlike enkête* ûnder in spesifike doelgroep.

Foardat in neiere beskriuwing fan dizze doelgroep folget, fertel ik earst yn ‘t koart it ien en oar oer *mysels*. Myn eigen woartels lizze yn Fryslân. Berne yn 1957 bin ik dêre hikke en tein. Yn myn jeugdjierrren haw ik op ferskate plakken wenne (ûnder de reek fan Wetsens, Surhústerfean, Frjentsjer, Hantum en fan 1972 ôf yn Burgum).

Fan 1976-1984 haw ik studearre oan de Teologyske Hegeskoalle (letter: Universiteit) yn Kampen (synodaal). Dernei wie ik as dûmny ferbûn oan 2 tsjerken yn Fryslân, te witten de grifformearde tsjerke fan Winsum e.o (1986-1992) en dy fan Eastermar (1992-2005). Yn 1988 haw ik in fryske AFÛK-kursus folge dy’t spesjaal opset wie foar dumny’s dy’t harren wat mear talizze woenen op it brûken fan de fryske taal yn ‘t tsjerke. Ik haw -ûnder lieding fan ir. Postma dy’t dizze kursus fersoarge- ûnder oaren it Frysk-skriuwen leard en ek de útwreiding fan de wurdskat. Boppedat learde ik yn ‘e omgang mei de Winsumers ek nije wurden dy’t my earst noch net bekend wienen (it heucht my noch hiel goed dat ik prachtige fryske wurden lykas ‘njonkenlytsen’ en ‘mankelyk’ foar it earst hearde). Al rillegau doarde ik it oan om sa no en dan foar te gean yn fryske tsjinsten op snein (en ek yn rou- en troutsjinsten).

Sûnt maaie 2005 bin ik ferbûn oan de grifformearde tsjerke fan Oldekerk, dy’t fan 2013 ôf opgien is yn ‘e protestantske gemeente fan Niekerk-Oldekerk-Faan. En koartlyn (1 july 2016) hat noch in fierdere útwreiding plak fûn, om’t de grifformearde tsjerke fan Enumatil der noch by kaam is. Myn tredde gemeente leit dus bûten Fryslân, krekt oer de grins fan Fryslân, yn it ‘Westerkwartier’ fan de provinsje Grinslân.

Sels bin ik no dus in ‘Fries om utens’ en yn de rin fan dy 11 jier kaam ik hjirre min ofte mear mei oare ‘Friezen om utens’ yn ‘e kunde. Mei guon fan harren praat ik -as it heal kin-

frysk, mar mei oaren (perfoarst) net. Betiden fernim ik dat net eltsenien dit op priis stelt. Sa is it net sa foechsum om mei Friezen yn selskip fan net-Friezen frysk te praten. Dat jildt temear as it plak fan moeting bûten de provinsje Fryslân leit. Lykwols binne der wol in tal adressen der't ik mei minsken yn harren thússituaasje frysk praat en ek wolris yn in pastorale kontekst.

Geandewei de kursus dy't ik yn Jorwert folge haw ripe by my it plan om foar myn praktykûndersyk wat te dwaan mei de groep *'Friezen om utens' yn Oldekerk en Niekerk*. Útgeande fan myn eigen wurksituaasje haw ik my derby beheind ta 'tsjerkeminsken'.

Ik haw 29 minsken tillefoanysk benadere met de fraach oft hja meiwurkje woenen oan it ynfoljen fan *in enkête*. Alle 29 minsken seinen fuortendaliks harren meiwurking ta. Derneist hat noch ien -my ûnbekend- persoan him oantsjinne nei oanlieding fan in oprop yn it pleatselik tsjerkeblêd. Ik haw dus 30 stiks enkêteformulieren by de minsken besoarge en ik krige se alle 30 werom.

Oer de gearstalling fan de doelgroep sa dalik noch wat mear, mar no folget earst de *fraachstelling* fan myn praktykûndersyk. Yn it begeliedend skriuwen by it enkêteformulier haw ik dat sa ûnder wurden brocht: *"fine jo as 'Fries om utens' jo fryske woartels wichtich? Hokker plak nimt "Fryslân" yn yn jo libben (en leauwen)?"* "Fryslân" haw ik hjir mei opsetsin tusken skrapkes set (ik kom der fierderop yn dit artikel op werom). Ik wie dus foaral benijd hoe't de doelgroep it eigen fryske komôf en identiteit no noch belibbet. En wêryn komt foar harren de fryske identiteit ta utering? Rekket it minsken no noch? En -as dit it gefal is- wêryn skûlet dat en hoe komt dat oan it ljocht?

De enkête dy't ik makke haw bestiet út 28 fragen (eksklusyf in oantal dielfragen). Wa't benijd is nei de yntegrale enkêtefragen: sjoch de taheakke bylage. Om temjitte te kommen oan de doelgroep (mar ek foar de aardichheid) haw ik alle fragen twatalich opsteld, sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk.

Ik fertel -tinkt my- gjin nijs as ik sis dat it goed *opstellen fan enkêtefragen* wiswier in fak apart is. Want: wat wolle jo krekt witte? En wat binne foar dat doel gaadlike fragen? Ek it *útwurkjen* fan de enkête (mei myn beheinde kennis op it mêd fan statistyk, metodyk en in handich kompjûterprogramma) wie in hiele poepetoer. Derom ûntbrekke yn dit artikel meastentiids oersjochen fan prosinten, persintaazjes, grafieken en soksawat. Wol jou ik sifers yn oerfloed wer. Mei sifers en mei wurden beskriuw ik de útkomsten fan de enkête. Dit bart yn it grutte middenstik fan dit artikel (2.1, 2.2 en 2.3). En dit rint út op it lûken fan inkele *konklúzjes*, dy't ik besykje in neiere betsjutting te jaan ek yn in teologysk kader (3).

2.1 Presintaasje fan de enkêtegroep

De enkête is ynfolle troch 11 manlju en 19 froulju. ûnder harren binne 8 (fryske) echtpearen. Yn totaal dus 16 minsken: krekt wat mear as de helte. De gemiddelde leeftyd is krapoan 61 jier. De jongste is 27 jier, de âldste 78 jier. Ek haw ik inkele alderdomsskiften opsteld. Dat sjocht der sa út:

- 3 minsken binne tusken 20 en 40 jier;
- 9 minsken tusken 40-60 jier;
- 18 minsken binne 60 jier of âlder.

Fierwei de measte dielnimmers (útsein de 3 yn de jongste groep (20-40) en inkele yn de twadde kategory (40-60)) wenje al langere tiid bûten Fryslân as dat sy dêre wenne hawwe. 28 minsken binne berne earne yn Fryslân, twa bûten de provinsje (Stienwyk en yn it sikenhûs fan

Grins). Twa hawwe 4 jier yn Fryslân wenne. De oare 28 hawwe sa'n bytsje al harren jeugdjierrren (rûchwei oant harren 20 à 25 libbensjier) trochbrocht yn Fryslân.

2.2 Fan hûs út... : de ynfloed fan it âlderlik hûs/skoalle/tsjerke en leauwen

By fierwei de grutste groep (28 persoanen) waard froeger *Frysk sprutsen yn 'e hûs*. Fan de twa oaren hat de ien 'ja en nee' oankrúst, wylst de oare skriuwt dat hja opbrocht is mei Stedfrysk en letter sels noch in fryske kursus folge hat.

Dan de legere skoalletiid: de helte (15) hat op *skoalle* fryske lêsen genoaten (yn meartal de âlderen net, omdat doedertiids it Frysk noch net ferplichte wie). Dat fryske ûnderwiis krige foar de measten stâl yn it lêzen fan fryske wurden/teksten, opfallend minder yn skriuwen, wylst Fryske skiednis en kultuer alhiel net op it aljemint brocht waard (of soenen guon it faaks fergetten hawwe?). Immen skriuwt: 'master fertelde fryske bibelferhalen'; en in oar skriuwt dat der op skoalle fryske ferskes songen waarden.

Fierders haw ik de minsken ek frege nei de Fryske taal yn ferbân mei *tsjerke en leauwen* yn harren jeugd. Wat it lêzen út 'e Fryske Bibel oanbelanget jout dat it folgjende byld: geregeldwei (4); út en troch (4) en nea (22).

Waard thús froeger lûdop bidden yn it frysk? Antwurd: ja (5); nee (25).

Twa-tredde jout oan dat hja froeger wolris in fryske tsjinst meimakke hawwe en ien-tredde diel net. Op de fraach oft it harren doedertiids oansprutsen hat, is it antwurd: mear (6); minder (3) en 'makket gjin ferskil' (10).

Ta einbeslút fan dit aspekt (dus de 'fryske ynfloeden fan hûs út') haw ik frege hoe't minsken werom sjogge op harren fryske woartels en kontekst. Dit is oer it generaal frijwat posityf. Om hjirfan noch wat mear in yndruk te krijen joegen de minsken dy't enkêteard waarden de folgjende *wurdearring* oan: 'tige by tige' (14); 'bêst genoch' (10); 'neutraal' (6); 'negatyf' (0).

2.3. Bân en bining...: hokker plak nimt "Fryslân" anno 2016 yn?

Nei in earste ympresje fan de fryske 'bakermat' fan de dielnimmers (sjoch 2.2) haw ik frege hoe't hja *no* tsjinoer de fryske taal en it 'Frysk-eigene' steane. Wêryn bestiet de *ferbining* tusken "Fryslân" en dizze 'Friezen om utens'? En wer blykt dat út?

Om te begjinnen de fraach nei it gebrûk fan de *fryske taal yn 'e hûs*. De helte (15) jout oan dat se eins altyd ek no noch yn 'e hûs frysk sprekke. Hjirby moat wol oantekene wurde dat dit jildt foar 7 fryske echtpearen, meast âldere minsken, dy't al langer yn Niekerk en Oldekerk wenje en wêrfan't de bern net mear thús wenje. Fierders binne der 8 persoanen dy't oanjouwe dat se thús de fryske taal út en troch brûke (werûnder 1 frysk echtpear). En 7 minsken prate gjin frysk mear.

By de lêste twa groepen moat betocht wurde dat der in stikmannich allinichgeande minsken binne dy't gjin direkte peteargenoat yn 'e hûs hawwe.

Njonken it aktyf brûken fan de fryske taal yn 'e hûs, haw ik ek frege nei '*oare plakken en gelegenheden*' wannear't minsken frysk prate. Bij dizze fraach koenen de minsken mear as ien 'plak en gelegenheid' oankrúse. Dit binne de resultaten:

- as men yn Fryslân is (25); -
- op famyljebesite (29);
- 19 persoanen jouwe oan dat hja mei oare Friezen yn Niekerk en Oldekerk frysk prate (mei in fariaasje fan 'gauris' oant 'wolris').
- 1 persoan jout oan eins nea mear frysk te praten.

Op it mêd fan *ynformaasje en kommunikaasje* lêst de mearderheid (21) gjin *fryske krante* (Friesch Deiblêd en Ljouwter Krante), 7 minsken lêze wol ien fan beide kranten, 1 yn 't wykein, 1 somtiden in digitale ferzy en 1 krijt wolris in knipsel tastjoerd fan in famyljelid.

Ek waard frege oft minsken wolris in *boek yn 'e fryske taal* lêze: 12 minsken lêze 2 of mear fryske boeken yn't jier; 3 hawwe 1 boek yn de lêste 5 jier lêzen en 15 lêze nea in frysk boek.

En hoe is de stân fan saken wat 'Omrop Fryslân' oanbelanget? Op in rychje set binne dit de sifers (*radio*: gauris (7), somtiden (10) en nea (11); de *tillevyzje* jout in ferlykber byld: gauris (6), wolris (15) en nea (8).

In nijsgjirrige fraach is oft men yn it frysk *tinkt*. 15 minsken sizze 'ja', 12 'wolris' en 3 'nea'. Ien persoan skriuwt: 'tinken giet by my net yn wurden/taal'.

By it tiidsrek fan 'froeger yn it âlderlik hûs' hie ik al de fraach steld nei it frysk yn *tsjerke en leauwen* (sjoch 2.2). Mar hoe tinkt de doelgroep der *no* oer, no't de measten al langere tiid yn it Westerkwartier wenje, dus bûten Fryslân?

In *Fryske Bibel* is yn it besit fan 7 minsken (dêr't 3 à 4 fan harren wolris yn lêze).

De fraach oft minsken wolris yn it frysk *bidde* ('lûdop of fan binnen') smyt de folgjende sifers op: de grutste helte docht dat wol (9 geregeldwei en 7 wolris) tsjinoer in lytsere helte (13) dy't òf net bidt òf dat yn it hollânsk docht (der haw ik fierders net nei frege).

'Hawwe jo yn 'e lêste 10 à 15 jier wolris in *fryske tsjerketsjinst* meimakke (ynklusyf in rou- of troutsjinst)? Dat hat -tinkt my- yn de measte gefallen yn Fryslân plak fûn. 20 minsken joegen as antwurd dat hja in fryske tsjinst meimakke hawwe en 10 net.

Mar in wichtiger fraach is oft it harren ek oansprutsen hat. En as dat it gefal is, wêryn skûlet dat? Ik notearje inkele opmerkings:

- *it is hiel eigen, it is myn earste taal en fielt as thús;*
- *it komt folle tichterby;*
- *de memmetaal leit tichterby it gefoel/hert;*
- *de lieten en it Ús Heit;*
- *de taaleigen kleur en de kulturele eftergrûn.*

Dit binne meast positive lûden. Dochs is der ek ien persoan dy't de hast plakferfangende skamte beskriuwt dat in grutte groep net-friezen de fryske tsjinst net folgje koe.

Ien fan de meast sintrale fragen fan de enkête wie de folgjende: *'fiele jo (as Fries om utens) jo op dit stuit (noch) ferbûn mei Fryslân?* Hast elkenien antwurde op dy fraach 'ja' (der wie mar ien dy't oanjoech 'in bytsje'). Wol joegen 8 à 9 minsken te kennen dat dy bân wol hieltyd minder wurdt.

De fraach nei de bân mei Fryslân is eins wat te algemien steld. It is perfoast rommer as allinich de provinsje. Derom haw ik "Fryslân" tusken skrapkes set en in ferbreiding oanbrocht. *Mei hokker aspekten fan "Fryslân" fiele minsken harren it meast ferbûn?* Yn totaal koe men dêrby in kar meitsje út 9 'terreinen'. Ik set se alle 9 op in rychje, yn folchoarder fan wat de minsken it meast en it minst wichtich fine.

De bining mei "Fryslân" skoart it heechst op it mêd fan de natuerlike bân mei de *fryske famyljeleden (en freonen)*. Op it twadde plak einiget de ynfloed fan de *jeugdjierrren*. Treds de

fryske taal. Op de fjirde plak it *fryske lân(skip)*. Dêrnei falt der in hiel gat yn de telling. In dúdlik mindere bân wurdt field mei *typyske fryske sporten en sporteveneminten*, lykas keatse, fierljeppen, skûtsjesile, Âlvestêdetocht (op plak 5). Op it sechde plak: *de fryske sjongkultuer* (Fryske lieten en sjongers lykas Piter Wilkens, Griet Wiersma, Nynke Laverman, de Kast). Op plak 7 de *fryske kultuer* (fryske boeken, toaniel en films). Op plak 8 it *fryske folksliet*. En de rige waard sletten (op plak 9) troch *tsjerke en leauwen* (de oerdracht fan it leauwen, Fryske Bibel en fryske tsjinsten). Ik kom aansens op 'e ein fan dit artikel (by de konklúzjes) werom op dizze útkomsten.

Njonken dizze 9 'terreinen' koe men ek noch in oare 'eigen', *persoanlike bân mei "Fryslan"* oanjaan. Dat smiet it folgjende op: immen neamt de bân mei it bertedoarp, in oar 'Bernlef' (de fryske studintenferiening yn Grins), Pier Feddema (in learaar op de 'kleuterkweek'), de fryske eilannen en de Hylper kultuer (taal, dracht en skilderkeunst).

De 'terreinen' wêrop minsken harren ferbûn fiele mei "Fryslan" waard folge troch in trijetal 'hypotetyske fragen'.

Fraach 1: 'gean der no ris fanút dat jo yn Fryslân wenje bleaun wienen, soenen jo jo dan mear mei "Fryslân" ferbûn fiele as no?' Op dy fraach joegen minsken oan: mear (15), like folle (8) en 'wit ik net' (7).

Dan de twadde hypotetyske fraach: 'as jo ynkoarten ferfarre soenen nei Fryslân, wat is dan jo ferwachting omtrint it gefoel fan ferbûnens?' De antwurden dy't op dizze fraach kamen wienen: mear (11), likefolle (9) en 'wit ik net' (9).

De tredde fraach: 'gean der no ris fanút dat jo net wenje soenen in Niekerk/Oldekerk (tichteby Fryslân), mar yn Kanada of Australië, hoe wichtich soe dan foar jo "Fryslân" wêze?' Dat jout it folgjende byld: 10 minsken tinke 'wichtiger'; 2 'like wichtich'; 6 tinke 'minder wichtich' en 11 'witte it net'.

Dan wie der ek noch in fraach der't minsken oanjaan koenen hoe't se harsels fiele as it giet om harren *identiteit*. Ta hokker *groep(sidentiteit)* fiele minsken har mear of minder oanlutsen? Dit koe men in sifer jaan yn 'e folchoarder fan 1 oant en mei 5. Ik hie tefoaren in seleksje fan 5 'identiteiten' makke. Lykwols hie ik ien wichtige identiteit fergetten, nammentlik 'Nederlanner' (ien persoan joech oan dat hja dat mist hie...). De útslach: 17 (fan de 25 minsken dy't dit ynfolle hawwe) fiele harren yn 't foarste plak 'in Fries om utens'. Dizze identiteit krige hoe dan ek de measte punten. Op it twadde plak stiet 'in Westerkwartierder'. Dêrnei 'in Grinslanner ('n Grunneger)'. As fjirde: 'in Jeropeaan' en op it fiifde en lêste plak 'in boarger fan 'e wrâld'. De ynterpretaasje fan dizze útkomst folget aansens noch by de paragraaf 'konklúzjes'.

De útkomsten fan de enkête begjinne har al in bytsje ôf te tekenjen. Mar foardat ik dizze útkomsten ûnder wurden bring yn it lûken fan inkele konklúzjes, folge earst noch in pear *stellingen*. Dizze hawwe ek te krijen mei it hifkjen fan de bân en bining fan de enkêtegroep mei "Fryslân". Ik haw de minsken de folgjende saken en útspraken foarlein:

a). As minsken in bân fiele, dan is der meastal eat wat harren *rekket*. 21 minsken stimden yn mei de stelling "Fryslân" *rekket my noch altyd*. Yn alle gefallen wie der nimmen dy't 'nee' oankrúst hat, mar wol 8 minsken dy't harren der 'net sa bewust' fan binne dat "Fryslân" harren rekket.

By dit punt koenen minsken ek opskriuwe *wat* it is dat harren rekket. Dat smiet noch de folgjende beskriuwings op (dizze beskriuwings nim ik yntegraal oer, ek al sitte der wol in pear oerlapingen tusken):

- de belangstelling dy't ûntstiet op it momint dat jo wat oer Fryslân hearre of de moeting mei in Fries (it fielt fertroud);
- it thús wêzen yn Fryslân; de mienskiplike fryske taal dy't my mei minsken ferbynt (mar somtiden ek net...);
- it âlderlik hûs en guon fryske wurden;
- de krêft fan in lyts folkje;
- jo binne in Fries en bliuwe in Fries;
- de bertegrûn / dêre thús wêze;
- it eigene bliuwt yn jo sitten;
- it bertelân en de fryske taal;
- it thúsgemoel;
- myn fryske eftergrûn en dat al myn famylje dêre wennet;
- it tink oan myn famylje;
- ienris in Fries, altyd in Fries, ek al wenje ik al 30 jier earne oars;
- taal, ferline en famylje;
- it is noch hieltiden in bysûndere omjouwing der't ik berne bin;
- frysk is myn memmetaal.

b). By de twadde útspraak ('mei it Frysk -benammen de Fryske taal- komme jo net sa fier yn 'e wrâld...') koenen minsken har miening dêroer jaan. 16 minsken binne it hjir 'mei iens'; 9 binne it der 'net mei iens' en 1 hat 'gjin miening'. By neier ynsjen fyn ik sels dizze útspraak net sa hiel helder. Dochs smiet dizze stelling wol in oantal nijsgjirrige reaksjes op:

- Ien fan de minsken (dy't 'net mei iens' oankrúst hat) set dizze stelling yn in oar deiljocht as er skriuwt: 'soks is relatyf; njonken de wrâldtalen binne in soad lytse talen; Frysk is dan net in mindere taal'.
- In oaren-ien skriuwt noch dit: 'ek al komme jo der net sa fier mei yn 'e wrâld, ik kom der faak wol hiel fier mei by myn wurk yn it ferpleechhûs yn 'e omgong mei myn fryske âlderen dy't demint binne; troch deselde taal berikke jo elkoar better'.
- In treden-ien skriuwt: 'jo komme der net fier mei, like min as mei it Yslânsk, mar Frysk is taalkundich hiel bysûnder'.

c). De enkêtegrop bûgde him ek noch oer dizze stelling/útspraak: "Fryslân" leit efter my; dit tiidrek is foar my ôfsletten...'. Útkomst: 'mei iens' (0); 'diels mei iens' (8) en 'net mei iens' (20). Ien fan de 8 'diels-mei-iens-minsken' skriuwt in earlike opmerking derby: 'Yn Fryslân bin ik berne en opgroeid, mar dat is al lang lyn. Hjir haw ik in nij libben opboud. Ús bern sprekke gjin Frysk, mar fersteane it wol. De mentaliteit fan 'e Friezen fyn ik somtiden lêstich en it steurt my; dan fielt ik my wiswier net ferbûn en nim dan ôfstân...'

d). Ta einbeslút haw ik noch de folgende (foar)kar oan de minsken foarlein: 'as jo (ek mar in bytsje) in leafhawwer fan fuotbal binne...hokker fuotbalferiening komt foar jo op it foarste plak: S. C. Heerenveen of F.C. Groningen? Útslach: S.C. Heerenveen 19 - F.C. Groningen 8 (3 ûnthôlden harren fan stimming). Bedoeld as aardichheidsje rekket dizze 'kuorbalútslach' mooglik oan in djippere laach.... (mear deroer yn 'e folgjende paragraaf).

3. Inkele konklúzjes.....: ek yn in teologysk kader delset

As ik nei de útkomsten fan dizze enkête sjoch en dit in bytsje op my ynwurkje lit, dan is myn earste en wichtigste konklúzje dizze: *de measte 'Friezen om utens' dy't dizze enkête*

ynfolle hawwe fiele harren ferbûn mei “Fryslân”, ek no’t men net mear yn ‘e provinsje Fryslân wennet. Mar dan is de folgjende fraach nammerste mear nijsgjirrich: hoe sterk fielt men dizze ferbûnens?

Dizze fraach haw ik op 9 ‘terreinen’ oan de minsken foarlein (sjoch ek 2.3). Minsken koenen foar *elts* fan dy 9 ‘terreinen’ oanjaan oft hja harren a) *tige*, b) *ridlik*, c) *in bytsje* of d) *net (mear)* ferbûn fiele. Yn it skema dat hjirûnder stiet is te sjen hoe’t de ferhâlding is tusken de 9 ‘terreinen’ en de 4 ‘kwalifikaasjes-fan-ferbûnens’:

‘Terrein’	‘Kwalifikaasje fan ferbûnens’			
1 famylje/freonen	tige: 19;	ridlik: 9;	in bytsje: 2;	net (mear): 0
2 jeugdjierrren	tige: 10;	ridlik: 18;	in bytsje: 2;	net (mear): 0
3 fryske taal	tige: 11;	ridlik: 14;	in bytsje: 2;	net (mear): 1
4 lân(skip)	tige: 8;	ridlik: 17;	in bytsje: 5;	net (mear): 0
5 fryske sjongkultuer	tige: 5;	ridlik: 15;	in bytsje: 6;	net (mear): 4
6 fryske sporten	tige: 5;	ridlik: 13;	in bytsje: 10;	net (mear): 2
7 fryske folksliet	tige: 6;	ridlik: 9;	in bytsje: 10;	net (mear): 4
8. kultuer (boeken/toaniel)	tige: 2;	ridlik: 15;	in bytsje: 8;	net (mear): 5
9. tsjerke/leauwen	tige: 0;	ridlik: 10;	in bytsje: 14;	net (mear): 6

Boppesteand skema jout wakker itselde byld te sjen as de útslach dy’t ik hjirboppe al beskreaun ha (sjoch 2.3). Dêre koenen minsken oanjaan mei hokker ‘terreinen’ hja harren it *meast* ferbûn fiele mei “Fryslân”, wylst yn dit skema dúdlik wurdt, hoe’t it sit mei de ferbûnens op it mêd fan alle 9 *aparte* ‘terreinen’.

Wat opfalt is dat de minsken harren oer it generaal it *meast* ferbûn fiele mei de ‘terreinen’ fan harren *fryske famylje/freonen*, *de jeugdjierrren yn Fryslân*, *de fryske taal en it fryske lân(skip)*. De fryske kontekst en komôf spilet hjiryn in grutte rol. It binne -sis mar- de mear ‘natuerlike’ bannen der’t men yn berne, opnommen en opbrocht is. Men is dus it *meast* foarme troch de *mienskip* en troch de *mienskiplike* ‘bynmiddels’ lykas taal, bertegrûn en de omjouwing der’t men hikke en tein is. Dit is in útkomst en konklúzje der’t ik net nuver fan opsjoch. It leit eins foar de hân en it is miskien wol *sa* gewoan, dat it net it *measte* opfalt en opmurken wurdt.

Dit kin yn ferbân brocht wurde mei wat Kees Waaijman ‘*primordiale spiritualiteit*’ neamt, as ien fan de *grûnfoarmen* fan spiritualiteit. ‘Primordiaal’ betsjut soksawat as ‘oarspronklik, yn earste opslach, wêr’t minsken wei komme’. Dizze grûnfoarm fan spiritualiteit ûntstiet út- en slút oan by it deistige libben (berte, groei, opfieding, wenje en wurkje, leafde en relaasjes, need en dea). Koartsein giet ‘*primordiale spiritualiteit*’ oer de ‘rin fan it libben’ en de persoanlike ‘libbensrin’ fan minsken. It leit yn ‘e skepping en yn it (sekuliere) minsklik bestean opslein. En dêrút ûntjout it him hast as fansels. Yn en troch it deistige libben ûntwikkelje minsken dus in eigen, persoanlike spiritualiteit, dêr’t se betiden gjin erch yn hawwe. Dizze spiritualiteit ûntjout him hast as fansels, mar tagelyk moat it ek oefene wurde (boarne: Kees Waaijman, *Grondvormen van spiritualiteit*, kolleezje oplieding Geastlike Begelieding, 2005).

Myn yndruk is dat de -bewuste of ûnbewuste- fryske spiritualiteit fan de enkêtearde minsken foar in grut part *primordiaal* fan aard is.

Spiritualiteit is ek anneks mei *identiteit*. It binne fansels net alhiel twa kanten fan deselde medalje, mar it iene hat neffens my wol mei it oare te krijen. Op it punt fan ‘*identiteit*’ wol ik -fanút de enkête- noch in pear oantekens meitsje.

Fan de 25 minsken dy't oanjouwe mei hokker 'identiteit' sy de measte affiniteit hawwe, fiele 17 minsken har yn't foarste plak in 'Fries om utens'; folge troch in Westerkwartierder (5), 'n Grunneger (2). En dan is der noch ien dy't oanjout dat sy yn it foarste plak 'in boarger fan 'e wrâld' is en dat 'de rest dêrnei op itselde plak komt'.

Út dit ûnderdiel fan de enkête kin opmakke wurde dat -neist de primordiale spiritualiteit- ek de *identiteit* foar in grut part gearhinget mei de komôf en de ferwoarteling yn de fryske kontekst, dus mei de fraach: wêre lizze jo 'roots'? En dizze -sis mar- 'lange earmen' fan de persoanlike skiednis en fan it ferline rikke foar de measten oant en mei hjoeddedei. Dit wurdt befêstige troch inkele opmerkings fan in pear minsken: 'jo binne in Fries en bliuwe in Fries' en 'it eigene bliuwt yn jo sitten'. Ek de foarkar foar S.C. Heerenveen hat mooglik dizze 'histoarysk-emosjonele' woartels.

Om it in bytsje geleard te sizzen: de kontinuïteit mei "Fryslân" is grutter as de diskontinuïteit.

Mar hawar, dat is de iene kant fan it ferhaal. Want der is ek in tsjinlûd en in oare ûntwikkeling geande, wannear't dochs ek in 8 à 9-tal minsken oanjout dat de bân mei "Fryslân" foar harren stadichoan minder wurdt. Dêrneist haw ik de yndruk dat de measte minsken har foaral oanpasse (wolle) oan 'e omjouwing en de kontekst fan it Westerkwartier, dêr't de measten fan harren al in hiel skoft wenje.

It soe nijsgirrich wêze om nei oanlieding fan (de útkomsten fan) dizze enkête nochris mei in tal enkêtearde minsken yn petear te gean (17 fan de 30 minsken joegen oan dat hja dêrta ree binne!). Ik soe harren inkele fragen foarlizze kinne lykas:

- spilet ûnwennigens of weemoed ('sentimental journey') ek in rol yn de bân mei "Fryslân"?
- fiele dizze 'Friezen om utens' harren thús op it plak der't se no wenje?
- en fanút it punt fan oanpassing (ynkulturaasje): wa sprekt de 'toal' fan it Westerkertiers?

Om nochris werom te kommen op it ûnderwerp 'identiteit': dit hat oer it generaal foaral in sosjologyske en persoanlik-psychologyske klankboaiem, mar *bibelsk-teologysk* sjoen hat it ek goede grûnen.

Yn dat ferbân tsjinnet him de polariteit en de spanning oan fan -oan de iene kant- earne 'thús-wêze en jo thús-fiele' en -oan de oare kant- 'in fremdling-wêze'. Want minsken binne earne te plak en tagelyk binne se ek ûnderweis troch it libben en troch dizze wrâld. Dit twadde aspekt ('ûnderweis') bart ôf frijwillich (?) of fan need (!). No leau (en hoopje) ik net dat de 'Friezen om utens' dy't de enkête ynfolle hawwe, harren fiele as dat hja yn ballingskip binne. En hooplik giet de fergeliking mei de Babylonske ballingskip al hielendal net op... (oars soe ik der teologyske bewieren tsjin hawwe...).

Lykwols bin ik benijd hoe't -sis mar- 'myn' doelgroep de polariteit fan 'thús-wêze en frjemdling-wêze' belibbet tsjin de eftergrûn fan harren fryske komôf. Ek dit soe yn in fraachpetear faaks dúdliker wurde kinne. Mar foarearst docht út de enkête bliken dat fierwei de measte fan dizze 'Friezen om utens' harren ferbûn fiele mei "Fryslân". En dit part fan harren identiteit drage hja mei as 'bagaazje-fan-hûs-út' op harren libbensreis.

Út it skema hjirboppe (de 9 'terreinen' en 4 'kwalifikaasjes fan ferbûnens') docht ek bliken dat de bân en binning mei "Fryslân" op it mêd fan *tsjerke/leauwen* it minst sterk is (nochris de útslach op in rychje set: 'tigel': 0; 'ridlik': 10; 'in bytsje': 14 en 'net (mear)': 6. Dat hâldt dus net oer.... En dan te witten dat dizze enkête útset is ûnder 29 leden fan de protestantske gemeente fan Niekerk-Oldekerk-Faan, minsken dy't mear of minder belutsen binne by dizze tsjerklike mienskip. Ik besykje in ferklearring te jaan.

De wichtigste ferklearring is -tinkt my- dat ek dizze doelgroep fanút it ferline en fan-hûs-út net it measte meikrigen hat fan de kombinaasje *tsjerke/leauwen/bibel* oan 'e iene kant en it *frysk/de fryske taal* oan 'e oare kant. En salang't men no yn it Westerkwartier wennet is der - mei ik oannimme- sawat gjin nije 'input' by kaam.

Op myn útstel om nochris in fryske tsjinst op in sneintejûn yn 'e Liudgertsjerke fan Niekerk te hâlden skreau immen dizze reaksje: *'soe ik net dwaan; want der binne al safolle groepkes yn 'e gemeente'*. En wilens bin ik sels ek fan betinken dat dit net in goed idee is. In better idee is (dat ik fan immen hearde) om bygelyks mei Pinkster noch inkele oare talen en dialekten in plak te jaan yn 'e tsjerketsjinst. En doch it dan mar op sneintemoarn!

De bân mei "Fryslân" op it mêd fan tsjerke/leauwen bongelt dus ûnderoan. Lykwols belústerje ik yn de enkête ek inkele positive lûden tsjinoer de fryske taal yn de romte fan tsjerke en leauwen. Sjoch nochris nei de reaksjes dy't minsken jûn hawwe op ien of mear fryske tsjerketsjinsten dy't se meimakke hawwe yn de lêste 10-15 jier (sjoch 2.3).

En as de helte fan de minsken oanjout dat hja *tinkt* yn it frysk, dan nim ik oan dat der ek grif minsken binne dy't *leauwe* 'yn it frysk'. En dat de grutste helte 'geregeldwei' (9) of 'wolris' (7) lûdop of 'fan binnen' *bidt* yn it frysk..., dat is boppe (myn) ferwachting....

Oldekerk, maaie-septimber 2016